

“Ballonbal” en de studintekeatsbanen yn Frjentsjer (1630-1684)¹

Foar Foppe de Lang, PC-boumaster fan 1989-2005

Der is al in protte skreaun oer it eardere studintekeatsen yn Frjentsjer, bygelyks oer de krekke lokaasje. In gegeven dêr't de skriuwers as se der al wat oer sizze noch hieltiten gjin ried mei witte, is de formulearring “Caets ende Balonbaanen”: se kinne it elemint 'balon' net goed teplak bringe². Ik besykje yn dit artikel oannimlik te meitsjen dat it gear sil om de fan komôf Italiaanske keatsfariant “bracciale”.

Bracciale

Wy kinne ús net goed genôch realisearje dat it keatsen troch de tiden hinne yn alderhanne farianten bestien hat. Ek binnen in fariant waard ûngelikens spile, dat der wie gauris strideraasje oer útlis en tapassing fan de spulregels. It *Trattato del giuoco della palla* (Venetië, 1555) fan de Italiaanske renêssânsist Antonio Scaino³ woe dêr feroaring yn bringe, it kin sjoen wurde as de âldste oanrin ta in keatsreglemint foar de adel. Scaino beskreau yn opdracht fan hertoch Alfonso II d'Este ûnderskate farianten, wêrûnder it spul dat no bekend stiet as it “gioco della palla al bracciale”, “it balspul mei de bracciale”, dat wol sizze mei in grutte learene of houtene want om de hân en in part fan de ûnderearm.⁴




FIGURA I

Bal, opblaaspiip en bracciale (want) (út: Giorgio Nonni's útjefte fan Scaino syn *Trattato [...]* (1555), s. 110).

By dy noch altiten besteande keatsfoarm (tenei neffens it gebrûk koartwei as “bracciale”oantsjut) wurdt in mei lucht folde “pallone” (“grutte bal”) respektivelik “palla di vento” (“wynbal”) brûkt, dy't opblaasd wurdt mei in “schizzo” (“spuit”) of “gonfietto” (“opblaaspiip”).⁵ De âldst bekende ôfbylding fan it spul is te finen yn it goed bewarre bleaune, ymponearjende kasteel fan de d'Este-famylje yn it Italiaanske Ferrara en datearret fan 1554.⁶ Doe wie it spul al sa'n hûndert jier âld. De oarsprong dêrfan moat socht wurde

oan it hôf fan deselde d'Estes.⁷ It bracciale wreide him, fia lannen as Frankryk, Dútslân, Eastenryk, Ingelân, België en Nederlân, oer Europa.⁸ Ik behein my yn myn oersjoch fan de fersprieding fan it spul fierder ta in stikmannich gegevens út De Nederlannen: dêr haw ik foar dizze stúdzje genôch oan.

“Ballon baen” yn Antwerpen

Op in kaart út 1678 fan Antwerpen en ek noch op kaarten út 1716 en 1746 fan dat plak stiet in “Ballon baen” oanjûn, wêrop't


“Italiaanse kooplieden in de 16^{de} eeuw het kaatsspel zouden beoefend hebben.”

“Omgerekend naar onze maten zou het terrein ca. 86 m lang bij 17,50 m breed geweest zijn”, sa skriuwt Van Passen.⁹ By de oanlis yn 1582 fan de keatsbaan te Antwerpen foar de hertoch Van Anjou bea “ballonmakere” Peter Van Hoochstraeten syn tsjinsten oan. Van Passen twivele yn earste ynstânsje “aan de identiteit ballon = kaatsbaan”, mar “het aanbod van Van Hoochstraeten schijnt toch weer in de richting van die identiteit te wijzen.”¹⁰ Ik leau dat er gelyk hat en dat wy tinke moatte oan bracciale: de termen “ballonbaan” en “ballonmakere” (fan “pallone”), it Italiaanske komôf fan de spilers, it iepenloftterrein en de datearring wize allegearre yn dy rjochting.

Ik bin derfan oertsjûge dat neier argyfûndersyk, ek foar oare Belgyske stêden, noch mear gegevens opsmite soe. Ikonografysk materiaal kin ús ek fierder helpe. Sa is in anonym skilderij fan belang, dat taskreaun wurdt oan in master út de Flaamske skoalle fan de 17^{de} ieu. Dêrop is in typyske “bracciale-foarstelling” te sjen, mei ûnder mear bracciale-spilers yn de iepen loft, publyk, bisten (hjiirre fûgels, oars ek gauris hûnen), muzikanten en galante pearkes, ien en oar yn de idyllyske ferpakking fan in strak oanlein park, mei in stêd en syn grutte gebouwen op de achtergrûn.¹¹

Leien

Yn febrewaarje 1628 krych Jacques Schulenburg, “meester ballonnier”, “die een jaarwedde verzoekt of anders verlof om in de



It's útjefte fan Scaino syn *Trattato* [...] (1555),

oan it hôf fan deselde d'Estes.⁷ It bracciale wreide him, fia lannen as Frankryk, Dútslân, Eastenryk, Ingelân, België en Nederlân, oer Europa.⁸ Ik behein my yn myn oersjoch fan de fersprieding fan it spul fierder ta in stikmannich gegevens út De Nederlannen: dêr haw ik foar dizze stúdzje genôch oan.

“Ballon baen” yn Antwerpen

Op in kaart út 1678 fan Antwerpen en ek noch op kaarten út 1716 en 1746 fan dat plak stiet in “Ballon baen” oanjûn, wêrop't


“Italiaanse kooplieden in de 16^{de} eeuw het kaatsspel zouden beoefend hebben.”

“Omgerekend naar onze maten zou het terrein ca. 86 m lang bij 17,50 m breed geweest zijn”, sa skriuwt Van Passen.⁹ By de oanlis yn 1582 fan de keatsbaan te Antwerpen foar de hertoch Van Anjou bea “ballonmakere” Peter Van Hoochstraeten syn tsjinsten oan. Van Passen twivele yn earste ynstânsje “aan de identiteit ballon = kaatsbaan”, mar “het aanbod van Van Hoochstraeten schijnt toch weer in de richting van die identiteit te wijzen.”¹⁰ Ik leau dat er gelyk hat en dat wy tinke moatte oan bracciale: de termen “ballonbaan” en “ballonmakere” (fan “pallone”), it Italiaanske komôf fan de spilers, it iepenloftterrein en de datearring wize allegearre yn dy rjochting.

Ik bin derfan oertsjûge dat neier argyfûndersyk, ek foar oare Belgyske stêden, noch mear gegevens opsmite soe. Ikonografysk materiaal kin ús ek fierder helpe. Sa is in anonym skilderij fan belang, dat taskreaun wurdt oan in master út de Flaamske skoalle fan de 17^{de} ieu. Dêrop is in typyske “bracciale-foarstelling” te sjen, mei ûnder mear bracciale-spilers yn de iepen loft, publyk, bisten (hjiirre fûgels, oars ek gauris hûnen), muzikanten en galante pearkes, ien en oar yn de idyllyske ferpakking fan in strak oanlein park, mei in stêd en syn grutte gebouwen op de achtergrûn.¹¹

Leien

Yn febrewaarje 1628 krych Jacques Schulenburch, “meester ballonnier”, “die een jaarwedde verzoekt of anders verlof om in de



De âldst bekende ôfbylding fan it ballonspul (1554) yn de *salone dei Giochi* fan it Castello d'Estense te Ferrara (út: Giancarlo Capici. *Sphaeristerium* [...] (1989), p. 110).

ballonbaan bier te mogen tappen en verkoopen, een toelage in eens van f 25” fan it Leidske universiteitsbestjoer. In jier letter waard oan deselde “Jacques Schoelenburch, meester ballonnier, dienaar van ‘t studentenvelt”, in bedrach fan f 22 takend, yn 1630 ferhege ta f 30. Mar de tiden feroaren blykber, want yn 1645 waard besletten “dat men de ballonbane niet en sal repareren maer laten vervallen, de huyr van de grondt van dien opseggen ende den opstall off ‘t gene daer op getimmert off gebouwt is, ten prouffyte van de Univ. verkopen off beneficiëren.”¹² It is net hielendal dúdlik wannear't de ballonbaan der kaam. Fan 7 maaie 1598 datearret in yn it Latyn steld fersyk fan Dútske studinten oan it universiteitsbestjoer om foar har in spylfjild

yn te rjochtsjen, “of binnen of bûten de muorren, dêr't wy, sûnder fersteuring fan stedlju of oaren, ús út en troch frijmeitsje kinne en ûntspanne”. Yn de Aldheid waard al it belang fan “geregelde lichemsbeweging” ynsjoen en dy is, yn neifolging fan de âlde Griken, letter ek werklik “op universiteiten troch hiele Europa ynboargere”, sa stelle de studinten.¹³ Har fersyk wurdt, sij it net fuortdaalk, beleanne: “De Curatoren gaven uiteindelijk opdracht een studentenspeelveld of “balonplaetse” te laten aanleggen buiten de Rijnsburgerpoort. Een succes was deze voorziening niet. De ballen kwamen zeer regelmatig in het water langs het speelveld terecht en bovendien kwamen nog “vele gemene [dat is “gewoane”] kolvers” spelen op het studententerrein. De studenten willen, zo



De Passe syn gravuere fan it ballonspul (út it mapke van Anna Maria van Schurman yn Tresoar).

laten zij de Curatoren weten, een “affgesloten plaetse”, waar alleen zij “vry acces” zullen genieten.”¹⁴ De oanlis fan de ballonbaan hat dus syn beslach krigen tusken 1598 en 1628.

Ek Nederlânske byldzjende keunstners hawwe it braccialespul ta ûnderwerp nommen. Ik neam hjirre alderearst in skilderij fan Adriaen van de Venne (Delft 1589 - Den Haach 1662) út it begjin fan de 17^{de} ieu. Krekt lykas by de anonime Flaamske master binne de grutte bal en dito wanten hiel dúdlik ôfbylde en wurdt it spul, hieltiten yn twa partoeren fan trije, spile op in igale ûndergrûn, yn de iepen loft.¹⁵ Ek nijsgjirrich is in yn 1612 publisearre gravuere fan Crispijn (van) de Passe (Arnemuiden ± 1565 - Utert 1637), dêr't spilers it braccialespul op beoefenje yn de tún fan in kasteel.¹⁶ In noch net neamd elemint dat út dy en de oare oant no ta hjirre besprutsen foarstellingen nei foaren komt, is dat de spilers fan deftich komôf binne, it is dúdlik in spultsje foar de hegerein. Dêr wize bygelyks har klean en de oanklaaiing fan de foarstelling op. De Passe hat om 1620 hinne syn gravueres (op 'en nij) útjûn, mei “liedekens” derby.¹⁷ It giet om emblemataliteratuer, symboalyske printen mei byskriften. It braccialespul hat as motto: “Zoo de wintbal ghedreven wert,/Niet meer rust heeft een minnaers hert”. Ik jou hjirre mei-iens it byhearrend lietsje, dat foar it ûnderwerp fan belang

is en boppedat in nijsgjirrige moraal befettet:
 Hebt ghy noyt aenghesien, hoe de ionckheyt ontbonden,
 Den wintbalon voortdrijft, met een houten arm?
 Wat slaen, wat wederslaen, welck loop, welck ghesy u arm
 Om d'opgheblasen vel in de baen wordt bevonden,
 Hoe d'onghestilde bal, wordt hier en daer ghesonden,
 Naer eens anders gheneucht, die van loopen is warm?
 Sulcx is des minnaers hert (over welck ic erbarm)
 Om dattet niet en mach rusten t'eenigher stonden.
 De hope welghemoet en de vreesse belaeen,
 Jaghent over end' weer, nu in vreuchd' nu in lijen,
 Met onghestadicheyt, bevanghen t'allen zijen:
 Siet ghy niet onwys hert, hoe dit spel wil vergaen?
 Sulcken tweedracht en kan ten goede niet bestaen,
 Wilt ghy d'ongheluck vlien, ghy moet de minne mijden.¹⁸

Net allinnich de gravuere, mar ek motto en liettekst meitsje dúdlik dat it hjirre om bracciale giet: “wintbal”, “wintbalon”, “een houten arm” (de “want” dus) en “d'opgheblasen vel”, der is gjin misferstân mooglik.¹⁹

Ik achtsje de neamde teksten en ôfbyldingen genôch bewiismateriaal om konkludearje te meien dat bracciale sûnt de ein fan de 16^{de} ieu yn De Nederlannen bekend wie. Wy hawwe sjoen dat keaplju en studinten mei foar de fersprieding soarge hawwe, mar it soe my, sjoen har rol yn Italië en yn oare lannen, gjin nij dwaan as ek de adel in rol spile hat. Neier ûndersyk soe soks útwize moatte. Dat is ek fierder nedich: dit is by myn witten de earste stúdzje oer bracciale yn De Nederlannen. Foar it doel dat ik mei dit ûndersyk ha - it foar Frjentsjer brûkte begryp “Caets ende Balon-baenen” op in oannimlike manier útlizze - kin ik lykwols mei foargeande opmerkingen ta.

Frjentsjer

Frjentsjer hat - it ferhaal as sadanich is wol bekend - syn studintekeatsbaan hân. Yn 1628 frege Johannes Coumans, sekretaris en âld-bibliotekaris fan de Frjentsjerter Hegeskoalle oan de Steaten fan Fryslân tastimming om “Caets ende Balonplaetzen” te iepenjen. Hy krych syn sin, want op 25 augustus fan dat jier waard him in oktroai ferliend foar 30 jier om “Caets ende Balon-baenen” te eksploitearjen. Der koe, al


wie it pas fan 1630 ôf, - keatst wurde “met den Raquette ende Balon”.²⁰ It (yndoor)spul mei de “raquette”, de “racket”, slacht op de doe ûnder de hegerein algemien gongbere fariant, mar sawol yn de oanfraach as by de tastimming gong it tagelyk om in foarsjenning foar it ballonspul, dat it kin net oars as dat moat ek yn Frjentsjer bekend west hawwe. It is oannimlik dat it dêr lâns de wei fan universitêre fermiddens kommen is. Wy hawwe sjoen dat it spul ek oan de Leidske universiteit beoefenen waard, krekt yn de tiid fan Coumans syn fersyk. Yn syn oanfraach wiist Coumans der boppedat eksplisyt op dat “alle andere Christelijcke Universiteiten” lykas dy fan Grins en Leien foarsjenningen foar “eerlijcke lichaemelijcke Exercitia” hawwe.²¹ Oanimmend dat it spul ek werklik spile is - en dat leit fansels wol yn de reden, al binne dêr binne oant no ta gjin absolute bewizen foar²² - is it op grûn fan oare beskriuwingen en ôfbyldingen oannimlik om as spylfjild in romte yn de iepen loft oan te nimmen. No is it sûnt de publikaasjes fan W. Annema en Theo Kuipers in stik dúdliker wurden wêr't Coumans keatse litten hat, mar it eksakte plak is noch altiten net bekend: it moat oan de westkant fan it Hocquart west hawwe, tichteby de hjoeddeiske Doanjumperpoarte²³. Ofgeand op Blaue syn “vogelvluchtkaart” út 1649²⁴ - mar dy hoecht fansels net de (krekte) situaasje fan 1630 wer te jaan - soe de keatsbaan dan it oerdwars steand hûs wêze kinne en soe de ballonbaan dêrachter situearre wurde moatte (sjoch de hjirre ôfprinte detailsituaasje). Der liket achter it neamde hûs in tún te lizzen, neffens Annema doedestiids mei 42 parrebeammen.²⁵

de moraal befettet:
 hoe de ionckheyt ontbonden,
 met een houten arm?
 welck loop, welck ghesy u arm
 baen wordt bevonden,
 t hier en daer ghesonden,
 die van looppen is warm?
 over welck ic erbarm)
 en t'eenigher stonden.
 vreesse belaan,
 n vreuchd' nu in lijen,
 ghen t'allen zijen:
 e dit spel wil vergaen?
 en goede niet bestaen,
 ghy moet de minne mijden.¹⁸

mar ek motto en liettekst meitsje dúdlik dat it
 mtbal”, “wintbalon”, “een houten arm” (de
 en vel”, der is gjin misferstân mooglik.¹⁹
 en ôfbyldingen genôch bewiismateriaal om
 raciale sûnt de ein fan de 16^{de} ieu yn De
 y hawwe sjoen dat keaplju en studinten mei
 hawwe, mar it soe my, sjoen har rol yn Italië
 waan as ek de adel in rol spile hat. Neier
 oatte. Dat is ek fierder nedich: dit is by myn
 bracciale yn De Nederlannen. Foar it doel dat
 ar Frjentsjer brûkte begryp “Caets ende
 like manier útlizze - kin ik lykwols mei

asadanich is wol bekend - syn
 628 frege Johannes Coumans, sekretaris en
 mtsjarter Hegeskoalle oan de Steaten fan
 ets ende Balonplaetzen” te iepenjen. Hy krych
 s fan dat jier waard him in oktroai ferliend
 Balon-baanen” te eksploitearjen. Der koe, al

wie it pas fan 1630 ôf, - keatst wurde “met
 den Raquette ende Balon”.²⁰ It (yndoor)spul
 mei de “raquette”, de “racket”, slacht op de
 doe ûnder de hegerein algemien gongbere
 fariant, mar sawol yn de oanfraach as by de
 tastimming gong it tagelyk om in
 foarsjenning foar it ballonspul, dat it kin net
 oars as dat moat ek yn Frjentsjer bekend west
 hawwe. It is oannimlik dat it dêr lâns de wei
 fan universitêre fermiddens kommen is. Wy
 hawwe sjoen dat it spul ek oan de Leidske
 universiteit beoefenen waard, krekt yn de tiid
 fan Coumans syn fersyk. Yn syn oanfraach
 wiist Coumans der boppedat eksplisyt op dat
 “alle andere Christelijcke Universiteiten”
 lykas dy fan Grins en Leien foarsjenningen
 foar “eerlijke lichaemelijcke Exercitia”
 hawwe.²¹ Oanimmend dat it spul ek werklik
 spile is - en dat leit fansels wol yn de reden, al
 binne dêr binne oant no ta gjin absolute
 bewizen foar²² - is it op grûn fan oare
 beskriuwingen en ôfbyldingen oannimlik om
 as spyljild in romte yn de iepen loft oan te
 nimmen. No is it sûnt de publikaasjes fan
 W. Annema en Theo Kuipers in stik dúdliker
 wurden wêr't Coumans keatse litten hat, mar
 it eksakte plak is noch altiten net bekend: it
 moat oan de westkant fan it Hocquart west
 hawwe, tichteby de hjoeddeiske
 Doanjumerpoarte²³. Ofgeand op Blauwe syn
 “vogelvluchtkaart” út 1649²⁴ - mar dy hoecht
 fansels net de (krekte) situaasje fan 1630 wer
 te jaan - soe de keatsbaan dan it oerdwars
 steand hûs wêze kinne en soe de ballonbaan
 dêrachter situearre wurde moatte (sjoch de
 hjirre ôfprinte detailsituaasje). Der liket
 achter it neamde hûs in tún te lizzen, neffens
 Annema doedestiids mei 42 parrebeammen.²⁵



Detail fan de 'Vogelvluchtkaart' fan Frjentsjer út 1649 (út: Blauwe. *Toonneel der Steden [...]*).



Der is lykwols in mar, hoe lyts ek. Krekt foar Ferrara en Mantua is der in inkelde oanwizing dat it spul dêr alteast yn de 15^{de} ieu (ek?) yn oerdutsen banen spile waard.²⁶ Al liket it op grûn fan wat ik hjirfoar oer Leien skreaun ha moai dúdlik dat ek dêr yn de iepen loft spile is, de formulearring: “dat men de ballonbane *niet en sal repareren maer laten vervallen*, de huyl van de grondt van dien opseggen *ende den opstall off ‘t gene daer op getimmerd off gebouwt is*, ten prouffyte van de Univ. verkopen off beneficieren.” (skeanprint fan my, pb), slút in oerdutsen keatsbaan (eventueel nei de begjinjierren) net hielendal út. In beswier om sa’n foarsjenning foar Frjentsjer oan te nimmen is oars wol dat der dan twa oerdutsen banen west hawwe moatte (tink oan “baanen” en “plaetzen”). Dat liket wat al tefolle fan it goeie.



It begjin 18^{de}-ieuske tekkenwurk yn it Ryksmuseum te Amsterdam. (Foto: Rijksmuseum Stichting Amsterdam).

Coumans hat de keatsbanen amper yn gebrûk hân. Hy tape dêr tsjin de ôfspraken yn dochs bier en wyn en hy krych lijen mei de studinten. Yn 1636 ferfear er nei Ljouwert. Nei 1684 fernimme wy ek neat mear oer de keatsba(a)n(en).²⁷ Dit (keats)feest yn Frjentsjer hat dus mar eefkes duorre. Net ien sil doe betocht hawwe kinne dat dy stêd lyts 300 jier letter mei “De Trije” wer in oerdutsen keatsbaan krije soe, inkelde hûnderten meters noardliker.²⁸ Dêrmei hat Frjentsjer de jongste keatsbaan fan Nederlân en de iennichste dy’t op it stuit brûkt wurdt. Mar dat feroaret miskien: der binne plannen om de keatsbaan yn Haarlim, nei ferbouwing, wer syn âlde bestimming te jaan. Dy stêd soe dan de âldst bewarre bleaune keatsbaan ryk wêze, sels fan de hiele wrâld.²⁹ (Sjoch artikel fan De Bondt.)

TAHEAKKE

Twa kear “itselde” tekkenwurk mei in braccialefoarstelling

It bracciale is ek op tekkenwurken (“wandtapijten”) ôfbylde. Doe’t yn 1953 it restaurearre stedhûs fan Frjentsjer iepene waard, wienen der, ferdield oer fiif romten, likefolle tekkenwurken te bewonderjen. Trije dêrfan joegen jachttaferelen, op ien wie in foarstelling mei Alexander de Grutte te sjen, mar it giet ús om de lêste, dy’t ûnder yn de hal hong. “Het ballonspel. Dit spel is een handbalspel, waarbij een leren manchet om de onderarm wordt gebezigd als slaginstrument. De bal is een met lucht gevulde bal, die kan worden opgepompt. Gemaakt in Lille in het begin van de 18^e eeuw.”³⁰

Dat tekkenwurk is yn it besit fan it Ryksmuseum te Amsterdam. Neffens de gegevens fan dat museum is it makke yn Brussel, sa tusken 1700–1725, mar op in bysluten fotokopy fan it tekkenwurk wurdt as plak fan ûntstean it Noard-Frânske Lille jûn. It wurdt wol wer datearre op “begin” 18^{de} ieu.³¹ It is in royaal tekkenwurk: op in foto dy’t ik fan it Ryksmuseum krigen ha, wurdt as formaat oanjûn: 298 x 662 sintimeter, hast 20 kante meter dus.

Der is nóch in tekkenwurk mei, op it earste each, deselde foarstelling. It wurk wurdt bewarre yn it Kasteel fan Ludwigsburg by Stuttgart. Neffens de al earder oanhelle Giancarlo Capici is it foar ‘t neist makke yn Noard-Frankryk, sa om 1725 hinne. Der binne neffens wenst twa partoeren spilers op ôfbylde, trije tsjin trije. De sande spiler, op ‘e foargrûn, hat as taak om de bal yn it spul te



It begjin 18^{de}-ieuske tekkenwurk yn it Kasteel Capici. *Sphaeristerium [...]* (1989), p. 74).

bringen, dêrby holpen troch twa (en yndirekt troch nochris twa) jonges, en fierder moat er de punten telle en de foutslaggen oanjaan.³² Wat lykwols fuortdaalk as ôfwikend fan it Amsterdamske tekkenwurk opfalt, is it lytsere formaat: 340 x 545 sintimeter. Krektere fergeliking makket oannimlik dat it tekkenwurk te Stuttgart it âldste wêze moat. It Amsterdamske tekkenwurk hat der mei in leafdespearke oan de rjochterkant noch in tafereeltsje by en oan de linkerkant fleuret (folle mear) publyk de foarstelling op, it hat it orizjineel “ferbettere”. Sjocht men noch wat sekuerder, dan binne der folle mear, lytsere ferskillen. It belangrykste is miskien wol dat it Stuttgarter wurk finer en kreker útwerke is. In hiel oare konklúzje kin wêze dat dit ek neffens lânskiplike eleminten as in typysk Italiaansk op te fetsjen tafereel blykber de



TAHEAKKE

Twa kear “itselde” tekkenwurk mei in braccialefoarstelling

It bracciale is ek op tekkenwurken (“wandtapijten”) ôfbylde. Doe’t yn 1953 it restaurearre stedhûs fan Frjentsjer iepene waard, wienen der, ferdiel oer fiif romten, likefolle tekkenwurken te bewonderjen. Trije dêrfan joegen jachttaferele, op ien wie in foarstelling mei Alexander de Grutte te sjen, mar it giet ús om de lêste, dy’t ûnder yn de hal hong. “Het ballonspel”. Dit spel is een handbalspel, waarbij een leren manchet om de onderarm wordt gebezigd als slaginstrument. De bal is een met lucht gevulde bal, die kan worden opgepompt. Gemaakt in Lille in het begin van de 18^e eeuw.”³⁰

Dat tekkenwurk is yn it besit fan it Ryksmuseum te Amsterdam. Neffens de gegevens fan dat museum is it makke yn Brussel, sa tusken 1700-1725, mar op in bysluten fotokopy fan it tekkenwurk wurdt as plak fan ûntstean it Noard-Frânske Lille jûn. It wurdt wol wer datearre op “begin” 18^{de} ieu.³¹ It is in royaal tekkenwurk: op in foto dy’t ik fan it Ryksmuseum krigen ha, wurdt as formaat oanjûn: 298 x 662 sintimeter, hast 20 kante meter dus.

Der is noch in tekkenwurk mei, op it earste each, deselde foarstelling. It wurk wurdt bewarre yn it Kasteel fan Ludwigsburg by Stuttgart. Neffens de al earder oanhelle Giancarlo Capici is it foar ‘t neist makke yn Noard-Frankryk, sa om 1725 hinne. Der binne neffens wenst twa partoeren spilers op ôfbylde, trije tsjin trije. De sande spiler, op ‘e foargrûn, hat as taak om de bal yn it spul te



It begjin 18^{de}-ieuske tekkenwurk yn it Kasteel van Ludwigsburg by Stuttgart (út: Giancarlo Capici. *Sphaeristerium [...]* (1989), p. 74).

bringen, dêrby holpen troch twa (en yndirekt troch nochris twa) jonges, en fierder moat er de punten telle en de foutslaggen oanjaan.³² Wat lykwols fuortdaalk as ôfwikend fan it Amsterdamske tekkenwurk opfalt, is it lytsere formaat: 340 x 545 sintimeter. Krektere fergeliking makket oannimlik dat it tekkenwurk te Stuttgart it âldste wêze moat. It Amsterdamske tekkenwurk hat der mei in leafdespearke oan de rjochterkant noch in tafereeltsje by en oan de linkerkant fleuret (folle mear) publyk de foarstelling op, it hat it orizjineel “ferbettere”. Sjocht men noch wat sekuerder, dan binne der folle mear, lytsere ferskillen. It belangrykste is miskien wol dat it Stuttgarter wurk finer en krekter útwurke is. In hiel oare konklúzje kin wêze dat dit ek neffens lânskiplike eleminten as in typysk Italiaansk op te fetsjen tafereel blykber de

muoite wurdich wie om mear as ien kear stekje foar stekje ta stân te bringen.³³

Pieter Breuker

Noaten

1. Sjoch foar dizze datearring: M. Engels. *De kaatsbaan van Franeker 1630 1684*. Leeuwarden, 1991, pp. 3-14.
2. Jaap J. Kalma (*Kaatsen in Friesland*, 1972, p. 51) liket oan it spul mei “de pluimbal” te tinken en Fenno Schoustra (*PC Krant 1964*) skriuwt: “Wellicht dat dit spel al een voorloper is geweest van de bloeiende Friese volkssport die 't kaatsen nu is geworden.”
3. Scaino syn no tige seldsum en kostber boek is yn 2000 werprinte (Quattro Venti, Urbino), mei in ynlieding fan Giorgio Nonni. Ik ferwiis fierder nei dy útjefte.
4. Scaino, oanhelle wurk noat 3, p. 105.
5. Scaino, oanhelle wurk noat 3, p. 102.
6. Giancarlo Capici. *Sphaeristerium; il circo per il gioco del pallone*. [Diel I]. S.p. [Rome], 1989, p. 58.

7. It liket derop dat de âldst bekende pallonebaan socht wurde moat yn de villa Belriguardo by Ferrara en fan ± 1450 datearret. Ek út Mantua, dat yn deselde hoeke fan Noard-Italië leit, is al in iere fermelding (1461). Freonlike meidieling fan Cees de Bondt, dy’t dwaande is mei in takom jier te ferskinen boek oer it keatsen ûnder de adel (wurktitel: *The Royal Game of Tennis at the Courts of Europe (1400-1800)*).

8. Capici, oanhelle wurk noat 6, p. 70.

9. R. Van Passen. “Kaatsspelen te Antwerpen in de 15^{de}-18^{de} eeuw (vervolg)”. Yn: *Naamkunde; mededelingen van het Instituut voor Naamkunde te Leuven en van het P.J. Meertens-Instituut te Amsterdam, afdeling Naamkunde*, jrg. 21 (1989), nû. 1-4, p. 53. De neamde ôfmjittingen sille foar it hiele spylfjild jilde, se wolle fansels net sizze dat it spul sels safolle romte frege. Op ôfbyldingen steane de spilers eins altiten frij ticht byinoar, neffens myn skatting op syn meast sa'n 15 oant 20 meter útinoar, mar it liket faak om stilearre foarstellingen te gean, dat alhiel wissichheid is der net.

10. Van Passen, oanhelle wurk noat 9, p. 62.

11. Léon Lewillie en Francine Noël. *Sport in de Belgische kunst van de Romeinse tijd tot nu*. Antwerpen, 1992, p. 236. Yn deselde boarne (pp. 234-235) is noch in mooglik út de earste helte fan de 17^{de} ieu datearjend skilderij te sjen mei in bracciale-foarstelling op de foargrûn fan it eardere Hôf fan Brabân yn Brussel.

12. Philipp C. Molhuysen. *Bronnen tot de Geschiedenis der Leidsche Universiteit II*. 's-Gravenhage, 1916, resp. pp. 140, 145, 147 en 295.

13. Philipp C. Molhuysen. *Bronnen tot de Geschiedenis der Leidsche Universiteit I*. 's-Gravenhage, 1913, p. 378.

14. Cees de Bondt. *Heeft yemant lust met bal, of met reket te spelen ...?; Tennis in Nederland tussen 1500 en 1800*. Hilversum, 1993, p. 99.

15. Wim Blockmans (haadred.). *Europa door de eeuwen heen; Wetenschap, Transport, Oorlogen, Sport & Spel, Gezondheid en Kunst*. Utrecht/Antwerpen, 1994, p. 187. Yn dy boarne wurdt it skilderij datearre op 1619, wylst www.getty.edu/art/collections/objects/oz839.html it op 1614 hâldt.



16. De Passe hat yn ferskillende plakken wenne, ûnder mear yn Keulen (1594–1610) en yn Utert (1612–1637). De bewuste gravuere fan 1612 soe neffens Cees de Bondt (oanhelle wurk noat 14, p. 102) yn Leien ûntstean wêze kinne, mar Giancarlo Capici (oanhelle wurk noat 6, p. 84) hâldt it op Antwerpen. Der is noch in nijsgjirrich detail te fertellen oer De Passe en syn ferbining mei Fryslân. Theo Kuipers hat my der al wer in oantal jierren lyn op wiisd dat yn it Eysinga Vegelin van Claerbergen-argyf op it Ryksargyf te Ljouwert in lyts mapke (tagong 323, ynv. nû. 1330) bewarre wurdt fan Anna Maria van Schurman (Keulen 1607– Wiuwert 1678). It hat my bliken dien dat dêryn ûnder mear de gravuere fan De Passe sit. No moat Van Schurman dy keunstner persoanlik kennen ha: net allinnich dat se jierrenlang stedgenoaten west hawwe (Van Schurman wenne, op inkele ûnderbrekkingen nei, oant 1670 yn Utert), mar ek omdat se yn har jongfammejierren fan de dochter fan De Passe, Magdalena, “zowel de graveernaald als het krijt [leerde] hanteren” (www.inghist.nl/Onderzoek/Projecten/DVN/lemmata/data/Schurman).

17. *Nieuwen ieucht spiegel, verciert met veel schoonne, nieuwe figuren ende liedekens niet in druck geweest. Ter eeren van de jonge dochters van Nederland.* S.p., s.j. [± 1620].

18. John Landwehr. *De Nederlander uit en thuis; Spiegel van het dagelijks leven uit bijzondere zeventiende-eeuwse boeken.* Alphen aan den Rijn, 1981, p. 48. De ferbining tusken de leafde en de oer en wer geande keatsbal waard wol faker makke, bygelyks troch Jacob Cats (1577–1660): “Kaets of min en heeft geen val/Sonder overgaenden bal”, dus de leafde moat, lykas de bal, fan twa kanten komme (*Alle de wercken van de Heer Jacob Cats* [...]). Amsterdam, 1661, p. 11). It is ek opmerklik dat op foarstellingen mei it braccialespul de froulju gauris de hân op it hart hâlde: de “oergeande” bal en leafde (al of net ûnberekenber) kinne sa maklik mei-inoar yn ferbân brocht wurde. Op de gravuere fan De Passe is dat wol hiel dúdlik: de frou rjochts op de foargrûn hâldt de hân op it hert, har (adellike) frijer wiist neist de bal.

19. Yn syn oersjoch fan ballen hat Jan van

Geuns it ûnder mear oer de “ledige of holle bal”, dy’t “de meeste overeenkomst [had] met onze *ballon*, een lederen bal, van binnen met wind gevuld” en hy ferwiist dêrfoar nei de gauris troch oaren oernommen yllustraasje fan in braccialebal by Hieronymus Mercurialis (*De Arte gymnastica*. Venetia, 1601) en ek sitearret er Vieth (Gerhard Ulrich Anton Vieth. *Versuch einer Encyclopädie der Leibesübungen* [...], diel I (1794), s. 72): “een zwijne-blaas met lucht gevuld”. (Jan van Geuns. *Volledig Leerstelsel van kunstmatige Ligchaams-Oefeningen; eene bijdrage tot de opvoeding der Jeugd, gevolgd naar het Hoogduitsch van J.C.F. Gutschmuths* [...]. Leyden/Haarlem, 1812, p. 345 (mei tank oan Germ Gjaltema foar de ferwizing nei Van Geuns). Soe “d’opgheblasen vel” ek in bargebongel wêze kinne? Wy *fuotballen* dêr yndertiid as bern mei. In oars net minder grutte attraksje wie it lûd dat it opblaasde “fel” joech troch der mei de fingers oerhinne te wriuwen.

20. Kalma, oanhelle wurk noat 2, p. 50.

21. Kalma, oanhelle wurk noat 2, p. 50. Ek bûtenlânske studinten oan de Frjentsjerter Universiteit, bygelyks út Dútslân, kinne fansels in rol spile hawwe.

22. It absolute bewiis falt net mear te ferwachtsjen yn de goed útsochte Fryske argiven, mar soe bygelyks te finen wêze kinne yn bygelyks eventueel bewarre bleaune egodokuminten fan studinten of fan oaren dy’t gebrûk makke hawwe fan de keatsbaan.

23. W. Annema. “De hooge tinne bij de Westerpoortsdam”. Yn: *Franeker Courant*, 17 juli 1981; Theo Kuipers. “Sealkeatsen yn de 17^{de} ieu yn Frjentsjer”. Yn: *Wis-In*, jrg. 29 (2001), nû. 2, p. 15.

24. Joan Blaue. *Toonneel der Steden van de Vereenighde Nederlanden en hare beschrijvingen*. Amsterdam, 1649.

25. Annema, oanhelle wurk noat 23. It soe net de iennichste kear wêze dat in frjemd keatsspul ymportearre waard. Neidat Belgen op de PC fan 1888 hjirre it jeu au tamis demonstrearre hienen, waard it spul, sij it tydlik, ek yn Kimswert en Ljouwert spile (sjoch Pieter Breuker. “Jeu au tamis yn Kimswert”. Yn : Pieter Breuker. *Oan de hang; in samling skôgingen, artikels en lêzingen oer*

keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer. Dronryp, 1998, pp. 91–92; Pieter Breuker. “De PC en de Belgen: in súksesfol partoer”. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (einred.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC 1853–2003*. Franeker, 2003, p. 106). Ik kin ek noch in hiel resint foarbyld jaan fan “keatsymport”. Yn 1999 hat in Fryske ploech nei Lanzarote ta west ta om dêr tsjin in lokaal team te keatsen, wêrby’t sawol it pelotamano (de fariant fan de Kanaryske Eilannen) as it it Fryske spul spile waarden. Sûnt is it pelotamano by wize fan aardichheidsje in pear kear yn Fryslân beoefene. Sjoch: Pieter Breuker. “Ynternasjonale! Fryslân-Lanzarote”. Yn: *De Keatsfreon; contactblad Vrienden van het Kaatsmuseum*, april 1999, p. 12; Doekle Yntema. “Interland Pelotamano Lanzarote Friesland”. Yn: *Wis-In*, jrg. 27 (1999), nû. 6, pp. 26–27; Germ Gjaltema. “Pelotamano Kaatsspel”. Yn: *It Roeke each*, jrg. 11 (2004/2005), nû. 70 (oktober-novimber 2004), pp. 22–24.

26. Meidieling fan Cees de Bondt, te publisearjen yn syn yn noat 7 neamd wurk.

27. Engels, oanhelle wurk noat 1, p. 14.

28. It is nijsgjirrich dat der yn deselde hoeke fan de stêd sa’n konsintraasje fan keatsfoarsjenningen te finen is: neist de keatsbaan moatte it iepenlofterrein (op syn minst fan 1822–1864) fuort by de hjoeddeiske Doanjumerpoarte, it Sjúkelân (sûnt 1856) en it oerdutsen keatsfjild yn De Trije (sûnt 1982) neamd wurde. Fierder waard der, wat de âlde keatslokaasjes oangiet, yn alle gefal sûnt de ein fan de 16^{de} ieu by de Sint Martinitsjerke keatst, dus yn it âlde hart fan de stêd, en mooglik al sûnt de 17^{de} ieu oant 1856 op it hjoeddeiske Oud Kaatsveld, krekt bûten de stedswâl (sjoch: Pieter Breuker. “De foarskiednis. It keatsen foar de oprjochting fan de PC, foaral yn Frjentsjer”. Yn: Breuker en Janzen (einred.), oanhelle wurk noat 25, pp. 16–19. Yn dy boarne kom ik al koart op it bysûndere fan de term “Caets ende Balonbaanen” yn Frjentsjer. Dat nije elemint wurdt (mei oare) negearre troch Gosse Blom yn dy syn “resinsje” fan *De fiifde woansdei (It Beaken*, jrg. 66 (2004), nû. 2, p. 162).

29. Sjoch de bydrage fan Cees de Bondt oan dit blêd.

30. PC-argyf, boek nûmer 31.

31. Brief d.d. 4 july 2000 fan drs. Hillie Smit, “kunsthistorisch onderzoeker bestandscatalogus wandtapijten”, oan it bestjoer fan it Keatsmuseum te Frjentsjer.

32. Capici, oanhelle wurk noat 6, p. 72.

33. It is net útsluten dat itselde tafereel noch faker makke is. It is yn alle gefal sa dat it ballonspul wol faker op tekkenwurk te sjen is. Sa wurdt yn it paleis fan de hertoch fan Palatinato te Kaiserslautern in tusken 1580–1620 yn Flaanderen makke tekkenwurk fan 520 x 280 sintimeter bewarre (Capici, oanhelle wurk noat 6, p. 70). It is folle minder krekt útwurke as dat by Stuttgart.

Boarnen

Annema, W. “De hooge tinne bij de Westerpoortsdam”. Yn: *Franeker Courant*, 17 juli 1981.

Argyf Keatsmuseum. Brief d.d. 4 july 2000 fan drs. Hillie Smit Rijksmuseum Amsterdam oan it bestjoer fan it Keatsmuseum te Frjentsjer.

Blaue, Joan. *Toonneel der Steden van de Vereenighde Nederlanden en hare beschrijvingen*. Amsterdam, 1649.

Blockmans, Wim (haadred.). *Europa door de eeuwen heen; Wetenschap, Transport, Oorlogen, Sport & Spel, Gezondheid en Kunst*. Utrecht/Antwerpen, 1994.

Blom, Gosse. [Resinsje fan] Pieter Breuker, Jan-Pieter Janzen e.o. [red.] (2003) *De fiifde woansdei* [...]. Yn: *It Beaken*, jrg. 66 (2004), nû. 2, pp. 161–164.

Bondt, Cees de. “*Heeft yemant lust met bal, of met reket te spelen ...?*”; *Tennis in Nederland tussen 1500 en 1800*. Hilversum, 1993.

Breuker, Pieter. “Jeu au tamis yn Kimswert”. Yn : Pieter Breuker. *Oan de hang; in samling skôgingen, artikels en lêzingen oer keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer*. Dronryp, 1998, pp. 91–92.

Breuker, Pieter. “Ynternasjonale” Fryslân-Lanzarote”. Yn: *De Keatsfreon; contactblad Vrienden van het Kaatsmuseum*, april 1999, p. 12.

Breuker, Pieter. “De foarskiednis. It keatsen foar de oprjochting fan de PC, foaral yn Frjentsjer”. Yn: Pieter Breuker en Jan





keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer. Dronryp, 1998, pp. 91-92; Pieter Breuker. “De PC en de Belgen: in súksesfol partoer”. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (einred.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC 1853-2003*. Franeker, 2003, p. 106). Ik kin ek noch in hiel resint foarbyld jaan fan “keatsymport”. Yn 1999 hat in Fryske ploech nei Lanzarote ta west ta om dêr tsjin in lokaal team te keatsen, wêrby’t sawol it pelotamano (de fariant fan de Kanaryske Eilannen) as it it Fryske spul spile waarden. Sûnt is it pelotamano by wize fan aardichheidsje in pear kear yn Fryslân beoefene. Sjoch: Pieter Breuker. “Ynternasjonale' Fryslân-Lanzarote'. Yn: *De Keatsfreon; contactblad Vrienden van het Kaatsmuseum*, april 1999, p. 12; Doekle Yntema. “Interland Pelotamano Lanzarote Friesland”. Yn: *Wis-In*, jrg. 27 (1999), nû. 6, pp. 26-27; Germ Gjaltema. “Pelotamano Kaatsspel”. Yn: *It Roeke each*, jrg. 11 (2004/2005), nû. 70 (oktober-novimber 2004), pp. 22-24.

26. Meidieling fan Cees de Bondt, te publisearjen yn syn yn noat 7 neamd wurk.

27. Engels, oanhelle wurk noat 1, p. 14.

28. It is nijsgirrich dat der yn deselde hoeke fan de stêd sa'n konsintraasje fan keatsfoarsjenningen te finen is: neist de keatsbaan moatte it iepenlofterrein (op syn minst fan 1822-1864) fuort by de hjoeddeiske Doanjumerpoarte, it Sjúkelân (sûnt 1856) en it oerdutsen keatsfjild yn De Trije (sûnt 1982) neamd wurde. Fierder waard der, wat de âlde keatslokaasjes oangiet, yn alle gefal sûnt de ein fan de 16^{de} ieu by de Sint Martinitsjerke keatst, dus yn it âlde hart fan de stêd, en mooglik al sûnt de 17^{de} ieu oant 1856 op it hjoeddeiske Oud Kaatsveld, krekt bûten de stedswâl (sjoch: Pieter Breuker. “De foarskiednis. It keatsen foar de oprjochting fan de PC, foaral yn Frjentsjer”. Yn: Breuker en Janzen (einred.), oanhelle wurk noat 25, pp. 16-19. Yn dy boarne kom ik al koart op it bysûndere fan de term “Caets ende Balonbaanen” yn Frjentsjer. Dat nije elemint wurdt (mei oare) negearre troch Gosse Blom yn dy syn “resinsje” fan *De fiifde woansdei (It Beaken*, jrg. 66 (2004), nû. 2, p. 162).

29. Sjoch de bydrage fan Cees de Bondt oan dit blêd.



30. PC-argyf, boek nûmer 31.

31. Brief d.d. 4 july 2000 fan drs. Hillie Smit, “kunsthistorisch onderzoeker bestandscatalogus wandtapijten”, oan it bestjoer fan it Keatsmuseum te Frjentsjer.

32. Capici, oanhelle wurk noat 6, p. 72.

33. It is net útsluten dat itselde tafereel noch faker makke is. It is yn alle gefal sa dat it ballonspul wol faker op tekkenwurk te sjen is. Sa wurdt yn it paleis fan de hertoch fan Palatinato te Kaiserslautern in tusken 1580-1620 yn Flaanderen makke tekkenwurk fan 520 x 280 sintimeter bewarre (Capici, oanhelle wurk noat 6, p. 70). It is folle minder krekt útwurke as dat by Stuttgart.

Boarnen

Annema, W. “De hooge tinne bij de Westerpoortsdam”. Yn: *Franeker Courant*, 17 juli 1981.

Argyf Keatsmuseum. Brief d.d. 4 july 2000 fan drs. Hillie Smit Rijksmuseum Amsterdam oan it bestjoer fan it Keatsmuseum te Frjentsjer.

Blaue, Joan. *Toonneel der Steden van de Vereenighde Nederlanden en hare beschrijvingen*. Amsterdam, 1649.

Blockmans, Wim (haadred.). *Europa door de eeuwen heen; Wetenschap, Transport, Oorlogen, Sport & Spel, Gezondheid en Kunst*. Utrecht/Antwerpen, 1994.

Blom, Gosse. [Resinsje fan] Pieter Breuker, Jan-Pieter Janzen e.o. [red.] (2003) *De fiifde woansdei* [...]. Yn: *It Beaken*, jrg. 66 (2004), nû. 2, pp. 161-164.

Bondt, Cees de. “*Heeft yemant lust met bal, of met reket te spelen ...?*”; *Tennis in Nederland tussen 1500 en 1800*. Hilversum, 1993.

Breuker, Pieter. “Jeu au tamis yn Kimswert”. Yn : Pieter Breuker. *Oan de hang; in samling skôgingen, artikels en lêzingen oer keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer*. Dronryp, 1998, pp. 91-92.

Breuker, Pieter. “Ynternasjonale” Fryslân-Lanzarote”. Yn: *De Keatsfreon; contactblad Vrienden van het Kaatsmuseum*, april 1999, p. 12.

Breuker, Pieter. “De foarskiednis. It keatsen foar de oprjochting fan de PC, foaral yn Frjentsjer”. Yn: Pieter Breuker en Jan

Pieter Janzen (einred.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC 1853-2003*. Franeker, 2003, pp. 16-19.

Breuker, Pieter. “De PC en de Belgen: in súksesfol partoer”. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (einred.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC 1853-2003*. Franeker, 2003, pp. 104-113.

Capici, Giancarlo. *Sphaeristerium; il circo per il gioco del pallone*. [Diel I]. S.p. [Rome], 1989.

Cats, Jacob. *Alle de wercken van de Heer Jacob Cats* [...]. Amsterdam, 1661.

Eysinga Vegelin van Claerbergen-argyf. Tresoar (Ryksargyf) Ljouwert, tagong 323, ynv. nû. 1330.

Engels, Martin. *De kaatsbaan van Franeker 1630-1684*. Leeuwarden, 1991.

Geuns, Jan van. *Volledig Leerstelsel van kunstmatige Ligchaams-Oefeningen; eene bijdrage tot de opvoeding der Jeugd, gevolgd naar het Hoogduitsch van J.C.F. Gutsmuths* [...]. Leyden/Haarlem, 1812.

Gjaltema, Germ. “Pelotamano Kaatsspel”. Yn: *It Roeke each*, jrg. 11 (2004/2005), nû. 70 (oktober-novimber 2004), pp. 22-24.

Yntema, Doekle. “Interland Pelotamano Lanzarote Friesland”. Yn: *Wis-In*, jrg. 27 (1999), nû. 6, pp. 26-27.

Kalma, Jaap J. *Kaatsen in Friesland*. Franeker, 1972.

Kuipers, Theo. “Sealkeatsen yn de 17^{de} ieu yn Frjentsjer”. Yn: *Wis-In*, jrg. 29 (2001), nû. 2, pp.12-13, 15.

Landwehr, John. *De Nederlander uit en thuis; Spiegel van het dagelijks leven uit bijzondere zeventiende-eeuwse boeken*. Alphen aan den Rijn, 1981.

Lewillie, Léon en Francine Noël. *Sport in de Belgische kunst van de Romeinse tijd tot nu*. Antwerpen, 1992.

Mercurialis, Hieronymus. *De Arte gymnastica*. Venetia, 1601.

Molhuysen, Philipp C. *Bronnen tot de Geschiedenis der Leidsche Universiteit I*. 's-Gravenhage, 1913; deel II, 's-Gravenhage, 1916.

Passe, Crispijn (van) de. *Nieuwen ieucht spiegel, verciert met veel schoonne, nieuwe figuren ende liedekens niet in druck geweest. Ter eeren van de jonge dochters van*

Nederland. S.p., s.j. [± 1620].

Passen, R. Van. “Kaatsspelen te Antwerpen in de 15^{de}-18^{de} eeuw (vervolg)”. Yn: *Naamkunde; mededelingen van het Instituut voor Naamkunde te Leuven en van het P.J. Meertens-Instituut te Amsterdam, afdeling Naamkunde*, jrg. 21 (1989), nû. 1-4, pp. 47-64.

PC-argyf, boek nûmer 31.

Scaino, Antonio. *Trattato del Giuoco della Palla di messer Antonio Scaino da Salo*. Vinegia, 1555 (werprintinge, mei in ynlieding fan Giorgio Nonni. Urbino, 2000).

Schoustra, Fenno. *PC Krant 1964*. Ljouwert, 1964.

Vieth, Gerhard Ulrich Anton. *Versuch einer Encyklopädie der Leibesübungen* [...], diel I. S.p., 1794.

www.getty.edu/art/collections/objects/oz839.html

www.inghist.nl/Onderzoek/Projecten/DVN/lemmata/data/Schurman

